

### *Pandemie*

*Als angst het bangst is als je voor een ander vreest  
en doodsbenauwd om iemand bent van wie je houdt,  
dan ben ik van mijn leven nooit zo bang geweest.*

*Als eenzaamheid is dat je angstig afstand houdt  
van dierbaren, omdat je voor hun leven vreest,  
dan heb ik mij nog nooit als zo alleen beschouwd.*

*Wie voor zijn eigen vrijheid vecht, die sneuvelt morgen.  
Wie zich redden wil, moet voor ieder ander zorgen.*

*Ilja Leonard Pfeijffer*

Nijsbrief, 27 maart 2020 Kleastergemeente  
Westerwert en Nijkleaster

**Bêste minsken,**

De corona-regels binne fan 'e wike noch skerper wurden as foarige wike en dat freget in soad fan ús as minsken en as maatskippij. Wy hope en bidde dat wy persoanlik en ek mei elkoar sa goed as mooglik troch dizze krisis hinne komme sille. En as it in bytsje slagget, dat wy der fan leare kinne.

Yn elke krisis sit ek in moment fan hoop en ferwachting. Of om it op in mear geastlike wize te sizzen: elke tsjinslach jout ek genade. Mar dat is net sa maklik te sizzen no't wy der midden yn sitte. Us skoandochter yn Gent skreau hjoed: 'We zijn wat beperkter, maar het leven wordt ook wat simpeler en geeft ook weer kansen om stil te staan bij wat belangrijk is. En om te onthaasten...'

Yn dizze nijsbrief stean de folgjende ûnderdielen: meidielings, nijsbrief classis Fryslân en Dagboek van een dominee in Jorwert. Wy wolle prebearje elke wike in nijsbrief te meitsjen. Jimme wurde útnûge om ús dêrfoar materiaal ta te stjoeren. Graach uterlik op tongersdei 2 april. Dat kinne gedachten wêze, gedichten, lieten, teksten ensafuorthinne. Graach stjoere oan [sietskevissen@ziggo.nl](mailto:sietskevissen@ziggo.nl)

Mei in hertlike groetnis,



ds. Hinne Wagenaar

## Meidielings:

1. ds. Hinne Wagenaar sil spontaan gjin minsken besykje want hy wol gjin rûnbringer fan it firus wurde. Mar hy komt op fersyk graach del. Dan efkes in berjocht: 058-2550998 of [post@hinnewagenaar.nl](mailto:post@hinnewagenaar.nl)

ds. Wagenaar skriuwt in deiboek om wat kontakt te hâlden. Hy set dat elke dei op syn eigen webside: [www.hinnewagenaar.fr1](http://www.hinnewagenaar.fr1) (Dagboek van een dominee in Jorwert). Yn de bylage fine jo de dagen fan 20-26 maart.

2. Fanôf woansdei 25 maart is de tsjerke fan Jorwert ta ús grutte spyt net mear iepen.
3. Wy hawwe besletten om earst sels gjin tsjinsten op ynternet te pleatsen. Der is genôch op radio, internet en TV te finen. Op de kommende sneinen sil der op Omrop Fryslân in tsjinst te sjen en te hearren wêze. De Classis Fryslân skriuwt:

In Friesland verzorgt Omrop Fryslân elke zondag waarop de kerken gesloten zijn, om 10.00 uur een kerkdienst vanuit de Martinikerk te Franeker. Op Goede Vrijdag zendt Omrop Fryslân de Mattheuspassion in het Frysk uit. NPO2 zendt 's zondags om 9.20 uur een kerkdienst uit met synodescriba ds. René de Reuver. Elke zondag is ook een eucharistieviering te zien bij de NPO.

4. Wol hawwe Nijkleaster en Westerwert troch de wike de folgjende digitale programma's. It is wichtich om de webside fan Nijkleaster en de facebook siden fan Tsjerke Westerwert en Nijkleaster by te hâlden. Minsken dy't gjin Facebook of Instagram hawwe, soenen dat no miskien (foar in skoftke) wol dwaan kinne. Nijkleaster en Westerwert binne actief op Twitter, Facebook en Instagram.
  - a. Elke moandei komt der in **Moment van Aandacht** (fia Marian Nijland, aandachtschenker) op webside, facebook en Instagram.
  - b. Elke woansdei in **tekst mei besinningsfraach** (as by in kleaster-kuier)
  - c. Elke tongersdei by **Vieren en Vasten in tekst + sop-resept**
5. Der is wer in nijsbrief fan de klassis Fryslân. Dêryn alderhande ynformaasje oer it korona-belied fan de PKN en oer tsjerketsjinten op radio en TV. Sjoch de bylage: Classis Fryslân Coronabrief 3.
6. Klokken van troost en hoop. De Raad van Kerken Nederland hat in oprop dien om op woansdeitejûns de klokken te lieden fan ús tsjerken. Theunis van der Gaast docht it yn Jellum, Barend Spliethoff yn Bears, Durk Limburg yn Weidum en Geert Mak yn Jorwert. Geweldich!
7. Witt jim minsken dy't ek op de list wolle foar dizze nijsbrief, dan graach it email-adres trochjaan oan Harry Kaspers. Ek wannear't minsken dit berjocht op papier hawwe wolle. Graach it hûs-adres trochjaan.